provinsje fryslân
provincie fryslân

# PERSBERICHT

Nummer: 180 TH
Datum: 30 november 2021

## Provincie Fryslân geeft impuls aan langdurige dorpsontwikkeling

**Vanaf 1 januari 2022 is provinciale subsidie beschikbaar voor Dorpsontwikkelingsmaatschappijen (DOM's). In DOM's werken dorpen en gemeenten samen met een onafhankelijke verbinder aan het op peil houden van de leefbaarheid in de dorpen. In totaal is 630.000 euro beschikbaar voor de uitrol van de DOM-methode in Fryslân. Deze maakt optimale samenwerking en integrale dorpsontwikkeling mogelijk: samen werken aan leefgeluk in de dorpen!**

DOM is dé slimme samenwerkingsmethode die inwoners helpt ingewikkelde problemen op te lossen én kansen te pakken. Denk hierbij aan fysieke vraagstukken, sociale uitdagingen en andere maatschappelijke onderwerpen, zoals: een generatiehuis waar men zo lang mogelijk zelfstandig kan blijven wonen, de herinrichting van een verouderd dorpsplein, of het koppelen van kansen om te groeien in een krimpgebied.
De succesfactor van de DOM-methode is de onafhankelijke verbinder, de DOM-denker, die het gesprek tussen dorp en gemeente begeleidt. Deze DOM-denker geeft ze stapsgewijs tips om tot een succesvol resultaat te komen. DOM draait om co-creatie en optimale, integrale dorpsontwikkeling.

"Ik bin der grutsk op dat wy no safier binne om de DOM-metoade oer hiel Fryslân út te rôljen", zegt gedeputeerde Klaas Fokkinga. "De ûnderskate DOM's steane te popeljen om fan start te gean en mei it iepenstellen fan dizze regeling kin dat. It is moai om te sjen dat der safolle enerzjy yn Fryske doarpen sit en dat ynwenners dizze metoade omearme hawwe om inisjativen fierder te bringen."

**Het is slim om DOM te doen!**
De DOM-methode is ontwikkeld in Noordoost-Friesland. Daar werken dorpen, gemeenten en DOM-denker gelijkwaardig, structureel en effectief samen aan leefgeluk. De methode wordt nu ook toegepast in Aldeboarn, de Grote Veenpolder, Schiermonnikoog, Rinsumageast en Wâldsein. Daar zijn diverse DOM's al van start. Met de subsidieregeling hoopt programmamanager Sjoerd Hoekstra nog meer langdurige dorpsontwikkelingen te stimuleren: 'Het is slim om DOM te doen!'.

Kijk voor meer informatie op: wijzijndom.frl

provinsje fryslân
provincie fryslân

# PARSEBERJOCHT

Nûmer: 180 TH
Datum: 30 novimber 2021

## Provinsje Fryslân jout ympuls oan langduorjende doarpsûntwikkeling

**Fan 1 jannewaris 2022 ôf is provinsjale subsydzje beskikber foar Doarpsûntwikkelingsmaatskippijen (DOM's). Yn DOM's wurkje doarpen en gemeenten yn 'e mande mei in ûnôfhinklike ferbiner oan it op peil hâlden fan de leefberens yn de doarpen. Mei-inoar is der 630.000 euro beskikber foar de fersprieding fan de DOM-metoade yn Fryslân. Dy makket optimale gearwurking en yntegrale doarpsûntwikkeling mooglik: mei-inoar wurkje oan libbenslok yn de doarpen!**

DOM is dé tûke gearwurkingsmetoade dy't ynwenners helpt drege problemen op te lossen én kânsen te pakken. Tink dêrby oan fysike fraachstikken, sosjale útdagings en oare maatskiplike ûnderwerpen, lykas: in generaasjehûs dêr't men sa lang mooglik selsstannich yn wenjen bliuwe kin, de werynrjochting fan in ferâldere doarpsplein, of it keppeljen fan kânsen om te groeien yn in krimpgebiet. De suksesfaktor fan de DOM-metoade is de ûnôfhinklike ferbiner, de DOM-tinker, dy 't it petear tusken doarp en gemeente begeliedt. Dy DOM-tinker jout se stap foar stap tips om ta in suksesfol resultaat te kommen. DOM draait om ko-kreaasje en optimale, yntegrale doarpsûntwikkeling.

“Ik bin der grutsk op dat wy no safier binne om de DOM-metoade yn hiel Fryslân te fersprieden”, seit deputearre Klaas Fokkinga. “De ûnderskate DOM's steane te popeljen om fan start te gean en mei it iepenstellen fan dizze regeling kin dat. It is moai om te sjen dat der safolle enerzjy yn Fryske doarpen sit en dat ynwenners dizze metoade omearme hawwe om inisjativen fierder te bringen.”

**It is tûk om DOM te dwaan!**
De DOM-metoade is ûntwikkele yn Noardeast-Fryslân. Dêr wurkje doarpen, gemeenten en DOM-tinker lykweardich, struktureel en effektyf gear oan libbenslok. De metoade wurdt no ek tapast yn Aldeboarn, Grutte Feanpolder, Skiermûntseach, Rinsumageast en Wâldsein. Dêr binne al ferskate DOM's úteinset. Mei de subsydzjeregeling hopet programmamanager Sjoerd Hoekstra noch mear langduorjende doarpsûntwikkelingen te stimulearjen: ' It is tûk om DOM te dwaan! '

Sjoch foar mear ynformaasje op: wijzijndom.frl